



'It is dit jier wol moai om in fergeliking te meitsjen tusken it iepenloftspul fan Jorwert 'Bohemia' en Nijkleaster. Sa't Bohemia in plak foar keunstners is om ta harsels te kommen, sa wurdt Nijkleaster in plak foar libbenskeunstners om ta harren sels, en oaren en oan God ta te kommen ... Of better, om God oan ús takomme te litten.

út de preek: 'Oant sjen ûnder de parrebeam' (Kleastersnein, 9 oktober 2011 te Jorwert)

Wurdum, 21 novimber 2011

Achte freon, stiper en belangstellende.

Graach wolle wy jo ynformearje oer de ûntwikkelings omtrint Nijkleaster. Sûnt it earste begjin fan de plannen, no al mear as 4 jier ferlyn, en sûnt de oprjochting fan de stifting en it bestjoer yn 2009, binne wy hast oan konkrete stappen ta.

Dit jier is der serieuus oerlis op gong kommen tusken trije partijen dy't fierder wolle mei it projekt Nijkleaster. Neist ús eigen stifting binne dat de Prot. Gemeente Westerwert (Bears, Jellum, Jorwert en Weidum) en de ôfdieling Missionair Werk en Kerkgroei fan de lanlike PKN tsjerke. Wy wurkje op it stuit oan in projektplan foar in 'Pioniersplek Nijkleaster' en in bypassend stappeplan foar de sân jier. Wy hoopje mei gauwens bekend meitsje te kinnen wannear't wy los sille.

Yn dat plan sil der in pionier-predikant komme dy't de earste trije jier yn tsjinst is fan de lanlike tsjerke en detasearre wurdt yn de gemeente Westerwert. Tagelyk sil der in wurker yn dieltiid oansteld wurde om te netwurkjen en fûnsen te sykjen. Der sil in permanint oerlis bestean bliuwe tusken de trije partijen, de wurkers en de frijwilligers.

Oant no ta hawwe wy spitigernôch gjin finânsjes om in (kleaster)gebou oan te keapjen of del te setten. Dat moat mei de tiid komme. Wy wolle lytsskalich begjinne mei de fasiliteiten dy't der binne yn Westerwert, om te begjinnen de tsjerke fan Jorwert. Dat sil betsjutte dat der earst allinne dei-aktiviteiten oanbean wurde kinne, mar wy wolle sa gau as mooglik ek mei oernachtingen begjinne dy't earst yn de buert regele wurde moatte.

De materiële en spirituele stipe fan de gemeente Westerwert en de lanlike Protestantske tsjerke meitsje mooglik dat wy 'no konkrete plannen meitsje kinne. Mar jo begripe dat wy finansjeel ôfhinklik binne fan ús stipers en freonen as it aanst giet om de oankeap fan in gebou en foar de jierlikse eksploitaasje. Dêrom dogge wy in berop op jo finansjele stipe foar ús projekt. Fansels giet it net allinne om finansjele stipe, wy hawwe likegoed ferlet fan entûsjaste ambassadeurs. Ek ha wy, wannear't it projekt op gong komt, ferlet fan frijwilligers op it mêd fan administraasje, gastfrijheid (gasthear en gastfrou), liturgy, muzyk en sang, begelieding fan groepen, skjinmeitsjen en oar praktysk wurk, publisiteit ensafuorthinne. Jo kinne no al trochjaan oan ús skriuwer op hokker wize jo ús stypje wolle.

In pear moanne ferlyn, en mei yngong fan 1 jannewaris 2011, hawwe wy de ANBI status krigen. Dêr binne wy tige wiis mei want it betsjut dat jo jo finansjele jefte ôflûke kinne fan de belesting (neffens de besteande regels). Wannear't jo yn 2011 noch jild oermeitsje oan Nijkleaster dan kin dat dus ek ôflutsen wurde fan de belesting fan 2011 (banknûmer: 29.45.10.125)

Jo kinne mear ynformaasje oer ús projekt lêze op www.nijkleaster.nl en ek op de webside fan ds. Hinne Wagenaar dy't as pionier-predikant yn it projekt hopet te wurkjen: www.hinnewagenaar.nl/nijkleaster. Dêr fine jo ek de hiele twatalige brosjure dy't op 31 oktober 2010 yn Jorwert presintearre is en kinne jo op syn blogs de ûntwikkelings folgje.

Mei de hertlike groetnisse, ek út namme fan it bestjoer,
(Anje Wester-Koopmans, Akke Berends-Koopmans, Oege Tjerk Schievink, Romke Lemstra, Hindrik van der Meer, Teake Posthuma en Hinne Wagenaar)

Sietske Visser (foarsitter)

Foar ynformaasje of opjefte:

Akke Berends-Koopmans (skriuwer), Mounehoek 36, TL Garyp
T: 0511-521671 E: a.berends28@hetnet.nl

Teake Posthuma Legedyk 9, 9088 AA Wurdum
T: 058-2551355 E: teake.posthuma@hetnet.nl

Banknûmer 29.45.10.125 , Stifting Nijkleaster te Wurdum

Jo binne stiper foar €25 en freon foar €100 of mear jiers